

L I T U R G Y

foar de tsjinst
op snein 4 desimber 2022 / 2de fan Advint
yn 'e Sint Jan tsjerke te Deinum

Foargonger Ds. R. Reitsma

Oargelspyljen

Wolkom en meidielings

YNTREEPSALM: 'O Hear, dy't Israel altyd hoeden' (80,1.2/al)
& ANTIFOAN: 'Jim God sjocht út nei de tiid' (432b/ml)

BEMOEDIGING en DROMPELGEBED:

Us help yn de namme fan de HEARE,
dy't himel en ierde makke hat.

.....
Troch Jezus Kristus ús Hear.
Amen.

GROET

Genede komt jim ta en frede
fan God ús Heit
en fan Jezus Kristus, de Hear.
Amen.

KYRIE: (*ynlaat*) 463,1.3.4.6.7

GEBED FAN 'E SNEIN

De HEAR sil by jim wêze.
De HEAR mei jo bewarje.

.....
Op dizze dei en alle dagen dy't komme..
Amen.

**Project: De foarmemmen fan Jezus
froulju fan doe.....foar minsken fan no.....**

LIET 441:1

Hoe zal ik U ontvangen,
Wat wordt mijn eerste groet?
U, ieders hartsverlangen,
Vervult ook mij met gloed!
O Jezus, licht der wereld,
Verlicht mij dat ik weet
Waarmee ik U moet eren,
U waardig welkom heet.

LÊZE: Mattéus 1: 5b-6

Boaz verwekte Obed bij Ruth, Obed verwekte Isaï, ⁶Isaï verwekte David, de koning. David verwekte Salomo bij de vrouw van Uria

We zien korenaren en pinanaalden: twee verwijzingen naar een bijzonder verhaal. Korenaren verwijzen ons naar Bethlehem, broodhuis, de naalden herinneren ons aan de pijn en het verdriet van twee vrouwen; een weduwe en een buitenstaander....

Oanstekken kears

*Altijd een vreemde, nergens echt thuis.
Vriendschap werd mijn land en trouw wordt mijn huis.
Alles op alles, een gok in de nacht
Hier binnen in mij groeit toekomst die wacht.*

LIET 738: 3

PROFETELEZING: Maleächy 3,1-5

³Sjoch, Ik stjoer myn boade dy't foar My út it paad reemeitsje moat;
ynienen komt nei syn timpel de Hear, om wa't jim sykje;
de Ingel fan it ferbûn, dêr't jim mei langst nei útsjogge.
Sjoch, Hy is op kommende wei,
seit de Heare Almachtich.

²Mar wa kin de dei fan syn kommen ferneare?
Wa kin stean bliuwe as Hy ferskynt?

Want dy dei is as it fjoer fan 'e goudsmid en as it bleekwetter fan 'e blikkers.

³Ja, Hy sil sitten gean om it sulver te smelten en te lotterjen, Hy sil de leviten lotterje, har suverje as goud en sulver; dan sille se de Heare offerjeften bringe, sa't it heart.

⁴Dan sil de offerjefte fan Juda en Jeruzalem de Heare wer oanstean lykas yn earder dagen, as yn 'e jierren fan lang ferlyn.

⁵Dan kom Ik by jim om rjochtdel te hâlden en Ik sil in beret rjochter wêze tsjin tsjoenders, troubrekkers, lju dy't falske eden dogge, dy't de arbeider yn syn deihier bekrinke en de widdo, de wees en de frjemdling yn har rjocht; ja, tsjin al de lju dy't gjin ûntsach foar My hawwe, seit de Heare Almachtich.

LIET: 'In floed fan ûntferming is Hy, ús God' (158b)

EPISTELLEZING: Filippiërs 1,3-11

Paulus bidt foar de kristenen te Filippy

³Ik bring tank oan God, sa faak as ik oan jimme tink. ⁴Ja, altiten weroan as ik foar jim allegearre bid, doch ik dat mei blydskip, ⁵om't jimme meidien hawwe oan it bringen fan it bliid boadskip, fan 'e earste dei ôf oant no ta. ⁶Want ik bin der wis fan, dat Hy dy't in goed wurk yn jimme begûn is, dêr mei trochgean sil oant it klear is, de deis fan Kristus Jezus. ⁷It leit yn 'e reden dat ik sa oer jimme allegearre tink, om't ik jimme yn it herte draach. Jimme hawwe ommers allegearre diel oan 'e genede dy't my jûn wurdt, ek no't ik fêst sit en it bliid boadskip ferdigenje en befêstigje. ⁸God kin derfoar ynstean hoe'n langst oft ik nei jimme allegearre haw, mei de ynlikens dy't Kristus Jezus my jûn hat. ⁹En hjir bid ik om: dat jimme leafde noch oerfloediger wurde mei troch kennisse en alle goed oanfielen, ¹⁰om ûnderskiede te kinnen wêr't it om giet. Dan sille jimme suver en ûnbesprutsen wêze foar de dei fan Kristus. ¹¹Dan sille jimme mear as ôfladen wêze mei de fruchten dy't de rjochtfeardigens opsmyt en dy't te tankjen binne oan Jezus Kristus, ta eare en lof fan God.

HALLELUJA: LB 338f

EVANGEELJELEZING: Lukas 3,1-6

It boadskip fan Johannes de Doper

³Yn it fyftjinde regearingsjier fan keizer Tibearius, doe't Pontius Pilatus steedhâlder wie fan Judéa, Herodes regearre oer it lânsdiel Galiléa, syn broer Filippus oer Ituréa en Trachonitis, en Lysanias oer Abilêne, ²ûnder it hegeprysterskip fan Annas en Kajafas, iepenbiere God Him oan Johannes, de soan fan Sacharias, yn 'e iensumheid. ³Hy teach doe de hiele Jordaankrite troch en preke, dat de minsken har bekeare soenen en har dope litte. God soe har dan de sûnden ferjaan.

⁴Sa stiet it ek beskreaun yn it boek mei godsspraken fan profeet Jesaja: Der is ien yn 'e woestyn, dy ropt:

Meitsje de wei foar de Hear ree,
meitsje rjochte paden foar Him.

⁵Alle delten moatte folstoart wurde,
alle bergen en hichten sljochte,
de bochtige paden moatte rjocht,
bulterige banen flak.

⁶Alle minsken sille sjen, dat God ferlossing bringt.

AKKLAMAASJE: 339f

PREEK

LIET: 'Kaam fan Godswegen' (456a,1-2a, 3f ,4m ,5f/m ,6m ,7-8a)

GEBEDEN

– FOARBEDEN

.....

Sa bidde wy dan:

HEAR ús God, hear ús gebed.

– STIL GEBED

– US HEIT

TALJOCHTING FAN IT KOLLEKTEDOEL TROCH DE DIAKEN

UTGONGSLIET: 'Ferwachtsje no jim Heare' (439)

SEINE